

‘Iepen doarren’ in Feanwâldsterwâl

Het is een lange reis eer een voorstelling, expositie of project wordt uitgevoerd. Hoe vergaat het Friese plannenmakers onderweg naar een (mienskips)project? Vandaag: documentairemaker Sjoerd Litjens met Iepen Doar(p).

Plannenmakers

Gerbrich van der Meer

Kun je iets meer vertellen over dit project?

„Iepen Doar(p) wol yn 'e oanrin nei it kulturele jier 2018 alle 128 húshâldens fan it doarp Feanwâldsterwâl audiofisueel portrettearje. Sa meitsje wy in totaalportret fan in lytse Fryske plattelânsmienskip anno no; ûndersykje wy de betsjutting fan it wurd mienskip en fersterkje wy de sosjale kohesje yn it doarp sels troch it fertellen en dielen fan ferhalen.”

Hoe pakken jullie dat aan?

„Dat dogge we troch efter elke foardoar yn petear te gean en te efterheljen wêrom't de minsken wenje dêr't sy wenje; wat harren bynt oan it plak, oan de krite en de minsken. De ferhalen dy't ferteld wurde, nimme wy op en bewurkje wy ta in fragmint fan maksimaal twa minuten, wêrnei't in fotograaf delkomt om passend byld te meitsjen.”

Hoe kunnen geïnteresseerden jullie volgen?

„Yn 'e oanrin fan it kulturele jier sille wy 128 dagen op rige, ôftellend nei 1 jannewaris 2018, alle dagen in doarp yn it doarp sprekurdlik iepenje, op Omrop Fryslân, fia de radio en online fia ús webside iependoarp.eu en sosjale media. Yn it kulturele jier sels eksposearje wy de portretten.”

Wat was de aanleiding voor dit project?

„It idee brobele op by de research foar in dokumintêre oer in oar doarp, likernôch sa grut as Feanwâldsterwâl. Dúdlik waard dat efter elke doarp in bysûnder ferhaal lei, en dat al dy ferhalen meielkoar de skiednis fan it doarp fertelden. It die my tinken oan Fryslân, de provinsje mei fierwei de grutste doarpstichtens fan Nederlân en yn't bysûnder oan Feanwâldsterwâl, offisjeel it jongste doarp fan Nederlân. It is ek it doarp, dêr't ik lokkich grut waard. Mei weromwurkjende krêft wie ik nijsgjirrich nei de ferhalen efter de doarren dêr. Koart dêrfoar wie Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 wurden mei as ûndertitel: *Iepen mienskip,*



Oude foto Feanwâldsterwâl. Sjoerd Litjens: „Tiid liket hjir ferstrutsen. Sjochst better, dan fernimst dat der net sa'n soad van feroare is. Fia persoanlike ferhalen ûndersykje wy wat bleaun is en wat net. Foto: FD

criss crossing communities. Sa kamen idee, momint en de drive om it plan fierder te ûntwikkeljen prachtych byinoar.”

Welk onderdeel van dit project kost je op dit moment hoofdbrekens?

„De finansiering is noch net rûn, foarearst kinne we net - sa as pland - nei de simmer starte mei de produksje. Fan lanlike fûnsen ha wy in soad finansjele stipe krigen, mar dat is net genôch. We sykje noch in haadsponsor, it leaftst in Frysk bedriuw, dat begrypt dat dit in belangryk en unyk

mienskipsprojekt is, mei lokale, nasjonale en - yn 2018 - ynternasjonale útstrieling, in projekt dat 128 dagen op rige in ferhaal fertelt oer de wize wêrop't Friezen harren ferbine mei de grûn dêr't sy wenje.”

Wat gaat juist heel goed?

„It entúsjasme fan alle belutsenen by Iepen Doar(p): de sjoernalisten, fotografen, foarmjouwers, it bestjoer fan de stichting en de bewenners fan Feanwâldsterwâl, is hertferwaarmjend. It plan makket no al safolle posityfs los.”

Wat is jouw gouden tip aan toekomstige plannenmakers voor iepenmienskip-projecten?

„In projekt hat allinnich kâns fan slagjen as it droegen wurdt troch - en ten goede komt oan de mienskip. As plannemaker moast jo ferbining beskermje en tagelyk stean foar de kreative krêft dy't útgiet fan it oarspronklike idee. Mei oare wurden: *stick with the plan* en sykje de ferbining: mei-inoar binne je altyd sterker.”

Meer informatie? iependoarp@gmail.com